


't Skieppesturtsje

Doarpskrante fan Tsjerkwert e.o.



47e jiergong - nûmer 1, winter 2024

Kofofon 't Skieppesturtsje – 47^e jiergong – nûmer 1, winter 2024



Redaksje 't Skieppesturtsje

Skriuwadres: Mireille Galema
Dyksicht 2
8765 LX Tsjerkwert
☎ 0634342558

e-mail : itskieppesturtsje@gmail.com

Gerben D. Wijnja	Riemkje Swart	Fokko Rollema	Jan Witteveen
Sylroede 6	Sylroede 5	Singel 8a	Waltawei 33
0515-579348	0620768218	0515-579051	0616302869

Stinsilwurk : Keetman druk+print, *partner fan Pastiel & Empatec*, Snits

Foto omslach : Mireille Galema



De folsleine sturt yn kleur lêze? Sjoch op www.tsjerkwert.nl

A//BAKKER
Tuinaanleg en Bestrating

ontwerp ■ onderhoud ■ vlonders ■ walbeschoeiing

Sylroede 2
8765 LV Tjerkwerd

Tel: 06 5200 7210
www.bakkertuinaanleg.nl

't Skieppesturtsje – 47^e jiergong – nûmer 1, winter 2024

Ynhâldsopjefte

Kolofon	0
Ynhâldsopjefte	1
Fan de redaksje: <i>De opropsturt!</i>	2
Frijwillige bydragen	3
Opropkes www.tsjerkwert.nl	3
Jan en Agatha Witteveen Skieppesturt 2023	4
Werkgroep Natuur	7
Energjemarkt Waarm Tsjerkwert	8
De taal fan de molewjukken	9
Nijs fan It Waltahûs	11
Aktiviteiten M.A.T.	12
Nijs fan Eensgezindheid	12
De frijwilligers fan It Waltahûs	13
De frijwilligers van It Waltahûs	14
K.F. De Twa Doarpen 25 Jaar	16
Kunnen we een cursus starten?	16
Nieuws van Oranjevereniging Tjerkwerd	17
Fotoympresje Sinteklaas	19
Fotoympresje Skieppesturt 2023	20
Fotoympresje Playbackshow	21
Fotoympresje Tinus Plotseling	22
Succesvolle Klucht Tinus Plotseling	23
Doarpsbelang Tsjerkwert e.o.	25
Fan Windkracht 10	26
Film: Vogels kun je niet melken	27
Even voorstellen Kerkstraat 5	29
Even voorstellen Kerkstraat 19	29
Winterverhalen van groep 3/4/5	31
Fan de Ilsklup	34
Famyljeberjochten	35
Fytsdiner	36
Fietsdiner	37
Koken met Riemkje	38
De opropsturt woordzoeker	39
Snypsnaren	40

OUDERKERKEN

AANNEMINGS- & TIMMERBEDRIJF

Voor al uw bouwwerkzaamheden

↳ **Verbouw**

↳ **Onderhoud**

↳ **Renovatie**

↳ **Nieuwbouw**

Waltaweg 35
8765 LN Tjerkwerd
Telefoon: 0515-579224
Mobiel: 06-14279868
E-mail: info@ouderkerken-vof.nl

www.ouderkerken-vof.nl

Fan de redaksje: *De opropsturt!*

'Tjerkwerd is een levendig dorp gelegen aan de Workumertrekvaart en de N359. Drie kilometer vanaf Bolsward richting Workum aan de Elfstedenroute. Het dorp behoort tot de Gemeente Súdwest-Fryslân voorheen Wûnseradiel. Met de omliggende buurtschappen erbij heeft Tjerkwerd ongeveer 460 inwoners. Uit een enquête, die in 2011 onder de dorpsbewoners is gehouden, blijkt dat Tjerkwerd een geliefde plek is om te wonen.'

...en dan giet it fierder...

'Het aanbod van clubs, verenigingen en stichtingen in het dorp is groot en gevarieerd, van koor tot kaatsclub en alles wat daar tussenin zit. Oranjevereniging, muziekverenigingen, gymnastiekvereniging, ijsclub, kaatsvereniging en meer. Veel inwoners zijn actief binnen dit verenigingsleven.'

Sa presintearje wy ús op it eigen doarpswebstek tsjerkwert.nl. Foar in protte fan ús grif werkenber. Foar oaren yn harren syktocht nei in nije wente yn in nij wenplak miskien wol reden om krekt Tsjerkwert út te sykjen om del te striken.

En wat is it dan machtich moai om te sjen dat nije ynwenners, dy't harren faaks efkes foarstelle yn *'de sturt'* yn de rubryk *'Even voorstellen'* harren daliks jouwe yn it doarp. Hiel bysûnder en in ferriking fan ús doarp!

Dizze sturt stiet grôtfol mei saken dy't o sa mei dat ferieningslibben mar foaral ek mei frijwilligerswurk te krijen hawwe. Nim de útrikking fan de Skieppesturt 2023. It ferslach fan de klucht fan it korps. Mar ek bydragen fan it Doarpsbelang, de Oranjeferiening en de Keatsferiening bygelyks.

De skerpe lêzer hat sjoen dat de tekst op it webstek net hielendal mear doocht. Sa binne bygelyks it koar en de gymnastyk der yn de ôfrûne jierren mei opholden. Stiet it ferieningslibben en it frijwilligerswurk dan faai? Dat tink ik alhiel net, mar eltse bydrage, lyts radarke, spilet net swak by en docht der ta!

Dizze Skieppesturt is in sturt fan wurdearring foar al dat wurk dat wy fersette. Mar ek in sturt fan de opropkes. Grutte en lytse. De oprop fan 't Waltahûs, fan www.tsjerkwert.nl, fan de E.H.B.O. en de M.A.T. bygelyks.

In oprop of better sein in oprjochte útnoeging om mei te dwaan oan dat wêrút *'blijkt dat Tjerkwerd een geliefde plek is om te wonen'*. Gewoan omdat it foar josels machtich moai is. En fansels omdat wy mei-inoar de Mienskip meitsje.

In protte lêswille tawinske!
Jan Witteveen

Frijwillige bydragen

*'t Skieppesturtsje is de doarpskrante fan Tsjerkwert en omkriten.
Dizze krante wurdt hûs oan hûs besoarge troch de redaksje.
De krante kin bestean troch frijwillige bijdragen fan de lêzers.
Jo bydrage is fan herte wolkom!*

VRIJWILLIGE BIJDRAGEN ZIJN ONTVANGEN VAN;

Mts S. en M. Witteveen; J.S. Reitsma eo; P.J. Zijlsing en N. Den Hollander; Melkveehouderij Buma; I. Dolenec eo; G. Hofstra eo; A de Haan; Th Wiersma Consult; Mts Hijlkema-Hettema; S. Breeuwsma; D.B. Walsma eo; S. Witteveen; R. Steur eo G. Postma; T. R Speerstra; Mw C. Roodvoets; W. A Kramer eo; W. Poelstra CJ; O.J. Postma CJ; Y. Twijnstra-Burghgraef; E. Huisman-Stellingwerf; J.K. Dijkstra eo ; R. D Haytema eo; J. Falkena eo.

Namens de redactie, heel hartelijk bedankt voor uw bijdrage!

Bijdragen kunnen overgemaakt worden met vermelding “Bijdrage it Skieppesturtsje” en het jaar waar het betrekking op heeft. Bankrelatie ABN/AMRO bank Bolsward. Rekening; **NL34 ABNA 084 7668 398** tnv **R. Swart**.

Opropkes www.tsjerkwert.nl



Jo kinne se wol. Minsken dy't graach ien en oar op papier sette. Hja hawwe skriuwerstalint of hawwe der gewoan in protte nocht oan.

Op www.tsjerkwert.nl is in soad skiednis en aktualiteit oer ús moaie doarp te finen. It soe moai wêze as wy dit nei de takomst ta útwreidzje kinne.

Redakteurs socht

Binne jo of kinne jo ien dy't it aardich fynt om sa út en troch yn it Hollansk of Frysk wat útien te setten? Hawwe jo bydragen aktueel as oer it ferline? Twivelje net en stjoer it yn of nim kontakt mei ús op fia websitetsjerkwert@gmail.com.

Wisten jo dat...

Wisten jo dat fan hast alle wenten yn Tsjerkwert in stik skiednis op de webside stiet? Sjoch yn Mulder's argyf wat der oer jo wenning skreaun stiet. Untbrekt der wat of hawwe jo aktuele foto's stjoer 't snel (rap) nei www.tsjerkwert.nl!

Tankewol!

Jan en Agatha Witteveen Skieppesturt 2023

Op basis fan duorsumens foar de mienskip



It is alle jierren wer spannend: wa sil de Skieppesturt krije, de heechste en meast earfolle doarpsûnderskieding dy't der is. Dit jier wie dat net oar. Ast as redaksjelid de seal ynkomst, is der al wat fan dy spanning te merken. Ek by de redaksje sels is it altyd wer in ferrassing at de Skieppesturt wol of net oanwêzich is. Meastentiids dogge wy der alles oan om dêrfan fersekere te wêzen, mar it gie yn it ferline wolris oars, mar dêr ha wy it no net oer. De Skieppesturt wie oanwêzich, hoe koe it yn dit gefal ek oars. En dus koe dy jûns de seal tasprutsen wurde, wêrby in mjuks fan duorsumens, passy en mienskipssin lang om let de namme fan de nagelnije Skieppesturt oplevere.

”Wy binne der grutsk op dat wy hjir steane as ûnderdiel fan dy passy, guon fan ús al inkele tsientallen jierren. En wy binne it noch net sêd, want it is dochs alle jierren wer in feest om in Skieppesturt oan te wizen, dy't dan it hiele fierdere jier mei grutskens troch de buorren gean kin as Skieppesturt fan 't jier. By de takenning fan de Skieppesturt litte wy ús alle jierren suver liede troch dat lêste wurd: mienskip.

Dit jier hat it wurd duorsumens dêr in plakje by krigen. Hoe wichtich dat is foar in doarpsmienskip ha wy sjen kinnen op 'e jûn fan doarpsbelang. By de digitale stimming sprong ien wurd mei faasje boppe alle oare winsken út: huzebou. Sil de Skieppesturt dy kant opgean?

Wy ha der fansels wol ferlet fan om de duorsumens fan it doarp te stypjen. Dat moat dan ek fier op ien stean om fierder bouwe te kinnen oan in doarp dat sa foar in kommende generaasje wer fierder kin. Wy sille útlizze hoe't dat sit en hoe't de Skieppesturt him en/of har dêryn manifestearje kin.

Duorsumens en behâld troch de Skieppesturt

Wy goaie duorsumens dêrby op ien heap mei behâld. Dêryn spilet de Skieppesturt net swak by. At wy kieze foar huzebou dan sil yn earste ynstânsje tocht wurde moatte oan betelbere wenten foar de jongerein, at wy dy foar eigen doarp behâlde wolle. Giet de Skieppesturt dit jier nei de jongerein dy't yn dit ferhaal in krusiale rol spilet?

It behâld fan jongerein is wichtich foar in doarp dat libbet. Jongeren binne goed foar in húshâlding wêrfan de bern in feilich en sosjaal kwaliteitsplakje fine kinne op 'e doarpsskoalle. Dy kin dêrtroch yn stân holden wurde en dêr binne alle sosjografen it oer iens: in basisskoalle is it hert fan in doarp dat libbet. Moatte wy de Skieppesturt dit jier sykje yn it ûnderwiisfermidden?

Tal fan ferienings en oare groepen spylje net swak by yn in proses fan kwaliteitsbewaking. Ek in Skieppesturt beweecht him of har mei passy yn dat web. Alle kearen liedt syn en/of har ynset oer ferskillende triedden, dy't ta it hert fan dat web liede. Dat hert kin dêrtroch klopje om de mienskip te stypjen. De Skieppesturt soarget mei syn en/of har ynset foar de oanfier fan farsk bloed dat wy yn in doarp net misse kinne. At dêrby duorsumens oan taheakke wurdt dan hat in doarp takomst. En dat wolle wy stypje mei it takennen fan in wurdearring, dy't ek in foarbyldfunksje hat.

Foarbyldrol fan de Skieppesturt

Want hoe spilet de Skieppesturt it klear om sjoen te wurden as toanbyld fan mearwearde foar in doarp? Ek yn dy foarbyldrol sykje wy de Skieppesturt fan 't jier. Jierrenlange ynset giet dêr faak oan foarôf. Wurk foar de mienskip, faak yn it skaad, net opfallend, mar wol o sa wichtich. Al dat krewearjen foar it doarp hat in rol spile yn de duorsumens fan de mienskip. Fanôf it begjin oant de dei fan hjoed ta. Tel al dy oeren fol motifaasje om it doarp te tsjinjen ris op en wit hoe weardefol dy ynset is. Wurdich om te wurdearjen. En dus heech tiid om ús ljocht skine te litten oer de nije Skieppesturt.

Brede ynset troch jierrenlange konneksjes

Mear as tweintich foarmen fan belutsenens ha wy boppe wetter krigen, foarmen fan ynset foar doarp en mienskip dy't oanjouwe dat dizze Skieppesturt o sa goed teplak komme sil.

Wy ha in bysûnder jier achter de rêch mei opfallende aktiviteiten op it mêd fan kultuer en natoer. Tink ris oan it iepenloftspul by de mûne, de takenning fan de Gouden Grutto mei yn it ferlengde dêrfan de film en it ieufoest fan it korps.

Us nagelnije Skieppesturt stie al ferskate kearen by ús yn it omtinken, dat it moast dit jier dan mar heve. De list fan ynset licht der net om. Der lizze jierrenlange konneksjes mei, troch inoar hinne, it Waltahûs, aktiviteiten foar de basisskoalle, doarpsbelang, sport, kultuer, buert, korps, en dan komme wy tichterby de oanwizing, sadat it foar de belutsenen folslein dýdlik wurdt: it rûnbringen fan de MAT, it ûnderhâld fan it tsjerkhôf, de ynset foar it argyf fan Tsjerkwert, de rommelmerk en it rûnbringen fan de Parochieklokken fan de RK. It binne stik foar stik duorsume triedden dy't liede ta it klopjend hert fan ús mienskip.

It sil jim net ferwûnderje dat wy op basis fan dizze steat fan frijwilligerstsjinst útrope ta Skieppesturt fan 2023

Jan en Agatha Witteveen



KlusService GEMINI
Renovatie Verbouw & Onderhoud

vakmanschap en service in uw belang!

Gespecialiseerd in natuursteen vloeren en badkamers

Fokke en Wijtze Kootstra
Kerkstraat 9
8765 LK Tjerkwerd
Tel: 06-55795591 of 06-13283975 -
email: gemini-bouw@outlook.com



Lid van de
VLOK
Vereniging van Klussenbedrijven
Aangesloten bij Geschillencommissie Klussenbedrijven

Werkgroep Natuur

Werkgroep Natuur is opgericht in de winter van 2019/2020. Het doel is in die tijd nogal breed geformuleerd: vergroten van kennis en interesse voor dieren en planten en werken aan een betere bescherming.

We beginnen na de oprichting heel concreet met het bouwen, schilderen en ophangen van vogelhuisjes, samen met leerlingen van De Reinbôge.

Al gauw krijgen we van de Friese Milieu Federatie het verzoek om mee te doen met het project Bats yn byld (Vleermuizen in beeld). Dit levert ons uiteindelijk, als dorp, flink wat op. Een paar voorbeelden. We kunnen nu vleermuizen op de kerkzolder live volgen op eigen computer, telefoon of tablet. Professionele filmers maken een prachtig promotiefilmpje over de meervleermuizen van Tjerkwerd www.fmf.fr/lyb. Een vleermuisexcursie in Tjerkwerd wordt drukbezocht en de schoolkinderen gaan op 'vleermuissafari'.

Er komt in 2022 een vervolg op BYB: 'Tichterby de natuer. Troch de flearmûzen'. Opnieuw met de Friese Milieu Federatie en een aantal andere dorpen. In dit project staat de leefomgeving van de vleermuizen centraal, maar ook die van de dorpsbewoners. Insectenvriendelijke beplanting is een belangrijk doel. Met kinderen en vrijwilligers zaaien en planten we inheemse bloeiërs bij de school, bij het haventje, langs Dyksicht en bij de Trekdyk. De insecten die erop afkomen dienen als voedsel voor de vleermuizen. Bij de school construeren we met leerlingen een insectenhotel. Later in 2023 maken we een nog groter hotel in het parkje. Op 5 november 2022 halen bewoners bij ons gratis fruitbomen en stinzenbollen voor de eigen tuin. Ook weer in het kader van 'Tichterby de Natuer'.

Leerlingen van de Reinbôge zetten 20 vleermuizenkasten in elkaar. We hangen 10 stuks op in het dorp. De rest gaat naar Tjerkwerders die er een mooie plek voor hebben. Samen met de gemeente SWF en bewoners wordt een serie geveltuintjes langs de Waltawei gerealiseerd. Tussendoor gaat onze aandacht uit naar andere onderwerpen, zoals egels in Tjerkwerd. Een flink aantal Tjerkwerders vult een enquête in over de 'stikelbaarchjes'.

Waar houden we ons nu mee bezig? Met de plaatsing van een zwaluwentil op het ijsbaanterrein. De til is gebouwd door een student van de school van Ype Bote Bonnema. Dorpsbelang en onze werkgroep zijn enthousiast en ook omwonenden staan er achter.

We hebben na een lange procedure toestemming van de gemeente gekregen. Nu is het wachten op een langere droge periode.

Verder staan op de agenda: snoeien van fruitbomen, zaaien van bloeiers, de hoogste zonnebloem, en onderhoud van de aangelegde perken.

Onze enthousiaste werkgroep bestaat uit: Floor Mertens, Agatha Miedema, Carola ten Boer, Jaap Visser, Anne de Vries

Misschien wil je de werkgroep komen versterken of zo nu en dan inspringen bij klussen? Je bent hartelijk welkom!

wergroepnatuurtjerkwerd@gmail.com



Waarm Tsjerkwert



Energjymarkt

*Sneon 2 maart 2024
14.00 oant 18.00 oere
yn 't Waltahûs.*

Komme jo ek? Ynfo folget!

Organisaasje

De wurkgroep bestiet út Cees Nieboer, Pier-Jan Zijsling, Wieger de Jong, Seakle Witteveen en Jasper de Vries.


De taal fan de molewjukken



Yn jannewaris stiene de wjukken fan de Beabuorster Mole net yn de stân sa't men dat wend is. "Se steane wat bryk", sei ien tsjin my yn 'e buorren. Tiid om dat ris neier út te lizzen.

Wat wie der oan 'e hân? Tjamme Draaijer, âld Tsjerkwerter, wie ferstoarn op 10 jannewaris. In ferstjerren betsjut net dat de mole dan altyd yn 'e rou stean moat. Mar yn dit gefal krekt wol. Tjamme wie nammentlik de mûnderssoan fan Ate Draaijer en Dieuwke Draaijer-Poepjes. Mem Dieuwke befoel fan him yn it molenhúske op 4 juny 1942. Hy wie dêrby it lêste berntsje dat dêr berne is. Nei him is der nea wer nij libben op 'e wrâld kommen op dy âlde molepôle.

In oantinken oan in spannende aksje op de mole yn 'e oarloch



It wie oarloch en heit Ate hie wat fee dat illegaal slachte wurde moast. Dat waard wol mei in pream nei Boalsert brocht. Pier Zijlsing silger, dy't ek belutsen wie by dy illegale operaasjes, hat dêr wol spannende ferhalen oer ferteld. Mar it fleis waard ek op in oare wize ferfierd en dêr spile de lytse poppe Tjamme in ûnskuldige rol yn. At mem Dieuwke wat fleis fan Ate krigen hie, dan pakte se dat mei soarch yn en lei it goed ferstoppe ûnder yn de bernewein. Dêr kaam Tjamme dan boppe op te lizzen en sa sette mem mei har lytse jonkje de buorren yn om it fleis hjir en dêr ôf te leverjen. De Dútsers ha der nea weet fan hân.

De mole yn 'e fleur (vreugdestand)

It wie eartiids sa dat men net oer in tillefoan of internet beskikte. En dochs koe in mûnder berjochten trochjaan. Dat die er mei de stân fan de wjukken. Om dy te begripen moat men mei it gesicht nei de wjukken ta stean. It is fierders wichtich om te witten dat de wjukken tsjin de draairjochting van de wizers fan de klok yn draaie. By wat fleurichs, sa as de berte fan in berntsje yn de húshâlding fan de mûnder, dan steane de wjukken yn kommende stân. De ûnderste moat noch ûnder komme en de boppeste noch boppe. Dat kommen wiist op de berte, mar kin ek brûkt wurde by in houlik.

Mole yn 'e rou

Der is ien ferstoarn. Ast foar de wjukken stietst dan si de ûnderste wjuk troch de rjochtstân hinne set. De boppeste wjuk hat it heechste punt hân. It symbolisearret it hinnegean fan it libben.

Koarte rêststân

As de mole foar koarte tiid stil stiet, dan stiet er yn in +teken. Mocht der meald wurde moatte, dan kin de mûnder sa by de wjukken om wynbuorden yn it bringen en/of seilen foar te lizzen. Hy wurdt dêrom ek wol wurkstân neamd.

Lange rêststân

At de mole in skoft net hoecht te meallen, dat kin simmerdeis sa wêze, dan set de mûnder de wjukken yn't krús. Der is wol sein dat it simmerdeis ek better is by tongerbuien, mar dêr ha ik myn twifels oer. Bliksemôflieders hie men eartiids fansels ek net. At de mole stikken wie, waard dit mei de krússtân ek wol oan de mienskip meidield. It hie dan gjin sin om bygelyks weet nei de mole te bringen om dat mealle te litten. Wy ha it dan oer in rog mole. Sa'n ien dy't no noch yn Wytmarsum stiet en dêr noch yn bedriuw is.



De koarte rêststân mei flagen

Dit gebrûk mei flagen op de úteinen fan de wjukken waard tapast by in trouwerij yn de húshâlding fan de mûnder. Sjoch de foto hjir njonken út it Groot Fries Molenboek diel 1.

De wjukstannen wurde net oeral yn Nederlân gelyk tapast. It is dan ek goed om te witten hoe't de tapassing op lokaasje gebrûklik wie.

Sa is de roustân yn it suden fan it lân bygelyks folslein oarsom as by ús.

Dan binne der ek noch allerhande stannen dy't hjir tuskenyn sitte, mar it giet te fier om dat hjir allegear út te lizzen. It wie faak ek in ûnderlinge ôfspraak tusken de mûnder en bygelyks de slachter (at der in boltsje wie) of mei de molemakker. Yn de oarloch wie it mooglik om mei de wjukken te warskôgjen at der in razzia oan stie te kommen of wat oars. It wie dus saak om yn 'e oarloch de mole goed yn 't gaten te hâlden. En at ien in bysûndere wjukstân fan de mole opmurken hie, dan gie it al gau troch de buorren. Sa fan: "*Hast al sjoen dat...*" En dan folge der in petear.

Gerben D. Wijnja

Nijs fan It Waltahûs

Yn desimber fan it ôfrûne jier hawwe wy foar de kryst in presintsje rûnbrocht nei ús frijwilligers. En no binne we begûn mei in nij jier. It earste feest, de nijjiersjûn hat west op 6 jannewaris en wie tige gesellich. Ús âld doarpsgenoaten Jehannes en Sietske Dijkstra wiene der ek by en Jehannes hat trije kear in stikje spyle op syn "trekzak". Der wiene ferskate fergaderingen en de playbackshow. Op 23 maart is de frijwilligersjûn. Set it alfêst yn de aginda.

Mei in nij jier is der ek in wikseling yn it bestjoer. Ús foarsitter Sietske Nieboer hat ôfskie nommen. Sietske, betanke foar dyn ynset yn al dy jierren. De nije foarsitter fan de stifting is no Klaas Boersma. As nij bestjoerslid is Ida Folkertsma der by kommen sadat it bestjoer wêr foltallich is.

Der wie ek in wikseling mei de wask en Op de M.A.T.

Betty Jellema hat de wask (mear as 20 jier) en de M.A.T. (mear as 30 jier) dien en woe no graach it stokje oerdrage. Betty, tige tanke foar alle wurk datst do dien hast al dy jierren. We geane dit noch gesellich ôfsluten mei har.

Lokkich binne der nije minsken fûn om dit oer te nimmen. Thea Zijsling hat de wask oernommen en Jan Witteveen jr. hat it meitsjen fan de M.A.T. op him naam. It nije e-mailadres foar aktiviteiten Op de M.A.T. is no: websitetsjerkwert@gmail.com. Ynstjoere foar de 26^{ste} fan de moanne.

Graach oant sjen yn ús WH.

Stichting Doarpshûs It Waltahûs,
Gerben Dijkstra



Na jarenlange verzorging van de M.A.T. heeft Betty Jellema het stokje overgedragen. Activiteiten kunnen vanaf heden (zoals u gewend bent) vóór de 26ste van de maand doorgegeven worden via websitetsjerkwert@gmail.com. Om het overzicht goed te kunnen houden graag alleen per mail. De papieren M.A.T. valt dan zoals u gewend met de volgende maand weer op uw deurmat.

Nijs fan Eensgezindheid



Nadat we dit jaar als eerste geslaagde activiteit waarvan we hebben genoten het concert en de klucht Tinus Plotseling hebben uitgevoerd gaan we de komende maanden weer een aantal activiteiten tegemoet.

In mei gaan we naar het Gouden Spiker Festival in Ureterp. We spelen er het verplichte werk 'Andries en de liefelijke'. Vernoemd naar ons oud-dirigent Andries de Haan. We zijn druk bezig met de voorbereidingen en hopen een mooi muzikaal optreden neer te zetten.

Tijdens de Slachtemarathon in juni zijn we van de partij. We zorgen voor muzikale omljsting op een prachtige locatie langs de route. Kom langs om te genieten van de muziek en de lopers aan te moedigen!

Begin juli dragen we weer bij aan het dorpsfeest en na de zomer in oktober organiseren we weer een rommelmarkt. Meer informatie volgt later.

- ✓ Gouden Spiker Festival, zaterdag 25 mei 2024
- ✓ Slachtemarathon, zaterdag 15 juni 2024
- ✓ Dorpsfeest, vrijdag 12 en zaterdag 13 juli 2024
- ✓ Rommelmarkt, oktober 2024

“In doarp mei in korps hat krekt dat, wat in doarp sûnder korps net hat!”
www.fanfare-eensgezindheid.nl of folgje ús op Instagram en Facebook!

De frijwilligers fan It Waltahûs

Yn 1994 is de Stichting Doarpshûs It Waltahûs stoppe mei de eksploitaasje troch in behearder en binne we begûn mei frijwilligers. Dit jier al tritich jier frijwilligerswurk om ús moaie doarpshûs foar elkenien iepen te hâlden.

It is altyd goed gongen en dat is hjoed de dei noch sa. De Stichting hat ûngefear 100 frijwilligers. Dêr meie wy grutsk op wêze dat der sa'n oantal minsken mei dogge en as bestjoer binnen wy der ek tige bliid mei.

Der binne frijwilligers foar de bar en feesten, foar putsjes dwaan, foar kofje skinke by o.a. begraffenissen en foar skjin meitsjen. Mar... der komt wol in probleem oan. Foar de bartsjinst en it oare binne foldwaande frijwilligers mar foar it skjin meitsjen net.

Dit stikje wurd dus ek in oprop oan eltsenien om jo op te jaan om mei te helpen mei it skjin meitsjen.

Efkes in útlis. It skjin meitsjen is fan april t/m septimber ien kear yn de wike op sneon. Fan oktober t/m maart is it twa kear yn de wike op woansdei en sneon. Jo binne mei twa minsken per kear. It skjin meitsjen nei in feest docht it bestjoer.

Hoe faak as jo wolle, ien kear per moanne, ien kear per twa moanne kin jo sels oanjaan. Der binne no 26 minsken op de list foar skjin meitsjen. Yn it winterskoft binne der sechtjin minsken nedich yn 'e moanne (twa kear per wike) en yn it simmerskoft binne dat dus acht (ien kear per wike). Dit hâld yn dat mei dit oantal minsken der guon elke moanne opdrave moatte om skjin te meitsjen.

As wy der no ris 14 minsken by krije dan hoecht men mar ien kear yn de twa moanne of acht wike (klinkt ek moai) skjin te meitsjen en simmers sil dat ien kear yn de trije moanne wurde of 12 wike. Mear minsken en better ferdiel. Ik hear ek wol opmerkingen as: ik ha gjin nocht oan skjin meitsjen of ik ha in wurkster en dan gean ik net by in oar skjin meitsjen. Elk hat syn miening en dat mei mar we moatte ek efkes fierder sjen. Dit is net thús, dit is ús doarpshûs. Ús Waltahûs moatte we mei inoar yn stân hâlde. It skjin meitsjen is mei twatallen sadat je ek noch oare minsken út it doarp moetsje of kenne leare wer as jo oars miskien nea in praatsje mei hawwe.

Ik hoopje dat jimme der oernei tinke wolle en der oars nei sjen gean. Ik sjoch jimme oanmeldingen graach op ús e-mailadres: waltahus@gmail.com binnen kommen. Jimme binne dan fansels ek fan herte wolkom op de frijwilligersjûn fan 23 maart oansteande.

Stichting Doarpshûs It Waltahûs
Gerben Dijkstra

De frijwilligers van It Waltahûs

In 1994 is de Stichting Doarpshûs It Waltahûs gestopt met de exploitatie door een beheerder en zijn we begonnen met vrijwilligers. Dit jaar alweer dertig jaar vrijwilligerswerk om ons prachtige dorps huis voor iedereen open te houden.

Het is altijd goed gegaan en dat is nog steeds zo. De Stichting heeft ongeveer 100 vrijwilligers. Wij mogen trots zijn op het feit dat zo'n groot aantal mensen zich inzet en daar zijn wij als bestuur ook heel blij mee.

Er zijn vrijwilligers voor de bar en feestjes, voor het klussen, voor het schenken van koffie bij o.a. begrafenissen en voor de schoonmaak. Maar... er komt een probleem aan. Er zijn voldoende vrijwilligers voor de bardienst en de rest maar niet voor de schoonmaak.

Dit bericht is dan ook een oproep aan iedereen om als vrijwilliger mee te helpen met het schoonmaken.

Even een toelichting. De schoonmaak vindt plaats van april tot en met september één keer per week op zaterdag. Van oktober tot maart is het twee keer per week, op woensdag en op zaterdag. Het schoonmaken gebeurt met twee personen. Het schoonmaken na een feest wordt gedaan door het bestuur.

Je kunt zelf aangeven hoe vaak je wilt, één keer per maand, één keer per twee maanden. Er staan nu 26 mensen op de schoonmaaklijst. Tijdens het winterseizoen zijn er in één maand zestien mensen nodig (twee keer per week) en tijdens het zomerseizoen zijn dat er acht (één keer per week). Dit houdt in dat er met dit aantal mensen iedere maand een aantal zullen zijn die ook iedere maand moeten komen om schoon te maken.

Als we nu eens 14 mensen erbij krijgen dan hoef je maar één keer in de twee maanden of acht weken schoon te maken en in de zomer zal dat eens in de drie maanden of twaalf weken zijn. Meer mensen en beter verdeeld. Ik hoor ook wel opmerkingen als: ik hou niet van schoonmaken of ik heb een werkster en dan ga ik zelf niet schoonmaken bij iemand anders. Iedereen heeft zijn mening en dat mag maar we moeten ook verder kijken. Dit is niet thuis, dit is ons dorpshuis. We moeten ons Waltahûs met elkaar draaiende houden. Het schoonmaken gebeurt in tweetallen zodat je ook andere mensen uit het dorp ontmoet of leert kennen, mensen waar je anders misschien nooit een gesprek mee hebt.

Ik hoop dat jullie erover na willen denken en hier anders naar gaan kijken. Ik zou graag jullie aanmeldingen ontvangen op ons e-mailadres: waltahus@gmail.com. Uiteraard zijn jullie dan ook van harte welkom op de vrijwilligersavond op 23 maart aanstaande.

Stichting Doarpshûs It Waltahûs
Gerben Dijkstra

Hou je van landelijk en sfeervol wonen dan ben je bij ons op het juiste adres!



Bij ons vind je unieke woonaccessoires om deze sfeer in huis te kunnen creëren.

Efkes strune?

Dat kin, kom gerust eens langs.

Jousterperweg 2 Tjerkwerd

www.westerhuys.nl

info@westerhuys.nl

06-51050698

K.F. De Twa Doarpen 25 Jaar

Dit jaar bestaat Kaatsvereniging De Twa Doarpen alweer 25 jaar. De kaatsvereniging is opgericht op 12 November 1999. Dit jubileumjaar willen we natuurlijk vieren met onze (oud-)leden. Zet daarom alvast 7 September in de agenda. Op deze datum gaan we ons jubileumjaar vieren, verdere info hierover volgt nog.



Daarnaast hebben we op 5 April onze jaarlijkse jaarvergadering in het Waltahûs. Iedereen is welkom op deze vergadering, waarbij we onze plannen en agenda voor het komende seizoen bekend zullen maken.

Partijen dit jaar (onder voorbehoud):

27 april Koningsdag

15-16 mei Straatkaatsen

6-7 juni Waltahûs partij

11 juni Kind-ouder partij

7 juli Zachte ballen partij

12 juli Dorpsfeest partij

7 September Jubileum partij

Een sportieve groet,

Bestuur K.F. De Twa Doarpen.

Kunnen we een cursus starten?

Inmiddels hebben vier liefhebbers zich gemeld voor een Reanimatie en AED cursus (1 avond). We hebben nog twee cursisten erbij nodig, doe je mee?



600.000 ongelukken per jaar gebeuren thuis. Iedere week krijgen 300 mensen een hartstilstand. Leer de basis van EHBO, reanimatie en de AED zodat je kunt helpen.



Ook het volgen van een EHBO-cursus inclusief reanimatie + AED is mogelijk (6 avonden of 2,5 dag) in groepsverband.

Geef je op via ehbo.tjerkwert@gmail.com of bij één van de bestuursleden Wieger Bakker, Agatha Miedema of Jan Witteveen (0616302869).



Nieuws van Oranjevriendenvereniging Tjerkwerd

Sinterklaas verdwaald?

Onze dorpsgenoot Klaas Boersma was, ondanks het slechte weer, toch maar even te vissen en kwam toen tot zijn verbazing Sinterklaas en de Pieten in Makkum tegen. Ze waren helemaal verdwaald en enigszins in paniek want ze moesten om 10 uur in Tjerkwerd zijn. Gelukkig wilde Klaas ze met z'n boot wel even brengen dus kwam alles toch nog goed.

In Tjerkwerd werden ze ontvangen door de kinderen en het jeugdkorps en gingen snel naar binnen. Hier mochten Seppe, Jente, Nellie en Herman even bij de Sint komen om samen te kletsen en kregen lekkere pepernoten van de pieten. Ook mocht groep 5 naar voren komen bij de Sint om een liedje te zingen en een grote hand vol pepernoten mee terug te nemen. Als laatste mochten de gebroeders Zijsling even op schoot bij Sint en zongen uit volle borst een mooi sinterklaasliedje, Sinterklaas vond dit wel wat matig en zij mogen het volgend jaar nog een keer overdoen.

Onder luid gezang van 'Dag Sinterklaasje' vertrok de Sint en zijn Pieten. Er waren weer 2 volle zakken met cadeaus achtergebleven voor de kinderen die werd uitgedeeld. Het was een gezellige en geslaagde ochtend en iedereen ging weer tevreden naar huis.

Jaarvergadering 26 januari

Op vrijdag 26 januari was er de jaarvergadering waar een twintig dorpsbewoners op af zijn gekomen. Voorafgaand aan de vergadering krijgt iedereen een kop koffie/ thee met een oranjeboek. Voorzitter Jasper heet een ieder welkom. We kijken terug op weer een mooi jaar waarin de verschillende feesten weer als vanouds gevierd konden worden. De verslagen van de jaarvergadering 2023, Koningsdag, Dorpsfeest en Sinterklaas worden voorgelezen door achtereenvolgens Sietske, Sjoerd, Jan en Hinke. Na het voorlezen van de verslagen zijn er vanuit de leden geen op-/aanmerkingen.

Penningmeester Geertje deelt het financieel jaarverslag 2023 uit en geeft hierbij uitleg over de verschillende kosten en baten. Het verslag ziet er prima uit en hebben een goed jaar gehad en we hebben zelfs een mooi plusje gedraaid. Er wordt aangegeven dat de contributie mooi op zelfde bedrag kan blijven. Vanuit de leden zijn er geen vragen of op- en aanmerkingen over het financieel verslag. Durk Walsma en Fokko Rollema hebben de kascontrole voor

hun rekening genomen, en hebben hun akkoord gegeven. Geertje bedankt hen voor de controle, voor volgend jaar wil Riemkje de Groot-Swart samen met Fokko Rollema de controle wel voor hun rekening nemen.

Jasper bedankt Jan de Groot voor zijn inzet voor de oranje vereniging. Jan was altijd de man van de BBQ op koningsdag en stond ook altijd bij het volleybalnet. Verder was Jan ook erg handig met alles en dat is fijn dat er zulke mensen in het bestuur zitten.

Jan krijgt als dank een bos bloemen en een groot applaus van de aanwezigen. Jasper heet als nieuw bestuurslid Ype Bote Bonnema welkom, fijn dat Ype Bote bereid is gevonden het OV bestuur te komen versterken.

Dan wordt er een filmpje getoond waar goed opgelet moet worden omdat deze met het thema voor dorpsfeest te maken heeft. Op het filmpje zijn allemaal spelen te zien van diverse tv programma's. Thea Zijsling raad het thema van 2024 namelijk "SURVIVAL".

